

Koart jierferslach fan de Freonen fan Tresoar 2015-2016

Yn febrewaris 2016 kaam it tryste berjocht fan ferstjerren fan Auck Peanstra. Auck hie sûnt 2012 in sit yn it bestjoer as ôffeardige fan it FLMD.

Op 'e jierkomste fan 14 april 2015 is nei in sittingsperioade fan fjouwer jier, ôfskied nommen fan Gerard Mast. Marijn Molema is nij yn it bestjoer kommen.

Op de hjerstgearthomste fan 10 novimber 2015 is ôfskied nommen fan Arjen Dykstra. Hij hat acht jier skathâlder west fan De Freonen fan Tresoar. Meindert Reitsma is syn opfolger.

De deistige gearstalling fan it bestjoer is Jannie van der Kloet, foarsitter, Gryt Elsinga, skriuwer, Meindert Reitsma, ponghâlder en de leden Hanneke Hoekstra, Oebele Vries en Marijn Molema.

Op 'e jiergearthomste waard tradisjoneel in geskink oanbean oan Tresoar. Dizze kear de lúkse werútjefte fan The Fabric of the Human Body fan Andreas Vesalius, dy't ferskynd is ta gelegenheid fan de 500<sup>ste</sup> bertedei fan Vesalius.

Nei it húshâldlike part fan de gearthomste waard 'De Bak' fertoand, in ferfilming fan it kadoboeke fan 2012. De film is foar in part opnommen yn Tresoar, mei Tresoar-meiwurkers as figurant.

It bestjoer hat fjouwer kear fergadere as tarieding op de aktiviteiten dy't ôfrûne jier organisearre binne. De bestjoersgearthomsten waarden lykas wenst bywonne troch Bert Looper, direkteur fan Tresoar en direksjesekretaresse Hilda Top. Hilda soarge ek dit jier wer foar it tarieden en notulearjen fan de gearthomsten.

Op 29 maaie 2015 wiene de Freonen op besite by de direkteur en de meiwurkers fan Tresoar. Nei it sukses fan ferline jier hawwe meiwurkers en bestjoerslid Arjen Dykstra koarte presintaasjes jûn oer harren persoanlike topstik bij Tresoar. Nei de presintaasjes waard der noch in rûnlieding makke troch de depots.

De lêzing op de hjerstgearthomste fan 10 novimber 2015 waard fersoarge troch it ôfskiednimmende bestjoerslid Arjen Dykstra. Op ûnneifolgberre wize hat Arjen in nijsgjirrige lêzing hâlden oer syn ûndersyk nei Eise Eisinga. Der wie in muzikale bijdrage fan trûbadoer Piter Wilkens. Hij brocht syn ballade oer Eise Eisinga, de Rypster wolkjimmer dy't it planetarium yn Frensjer boude, foar it fuotljocht.

In nij insjatyf fan Tresoar en de Freonen fan Tresoar is it Tresoar Fellowship. It jout ôfstudearre akademisy de mooglikheid om om trije moannen ûndersyk te dwaan nei in ûnderwerp út de Tresoar-kolleksje.

Op de oprop hawwe trije gadingmakkere reagearre en in útstel yntsjinne. In kommisje besteande út Reingard Esser (ûnôfhinlik deskundige), Siem van der Woude (Tresoar) en Hanneke Hoekstra (bestjoerslid Freonen) hawwe de ynstjoerde plannen beoardiele en ienriedich foar it útstel fan Margriet Fokken keazen. Se sil ûndersyk dwaan nei it Fryske slavernijferline.

It bestjoer fan de Freonen van Tresoar